

# Frysk yn it spesjaal ûnderwiis?

## Ja, en no avensearje!

It is noch altiten in grut lijen mei it ûnderwiis yn it Frysk op de skoallen foar spesjaal en fuortset spesjaal ûnderwiis yn Fryslân. Sûnt 1973, doe't Sytze Hiemstra in baan krige op Skoalle Lyndensteyn yn Beetstersweach, makket er him dêr al drok om. Dat docht net allinnich bliken út ûndersteand artikel mar ek út gâns stikken yn ûnderskate tydskriften, no te finen op it webstek fan de Feriening Frysk Underwiis: [www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/STHiemstra](http://www.fryskebeweging.nl/ffu/publikaasjes/STHiemstra)

### Sytze T. Hiemstra

Sûnt ik yn it spesjaal ûnderwiis kaam te wurkjen haw ik de taalhâlding, it taalgedrach en de taalideology fan de direkteuren yn de ûnderskate ûnderwiisfoarms fan it spesjaal ûnderwiis aardich goed kennen leard. En dat makket jin perfoarst net fleurich. Ien geunstige útsûndering moat ik meitsje: myn eigen „baas“ op Lyndensteyn, de yn 1997 fierste gau ferstoarne Brabanner Jan H.C. Baselmans. In baasman, dy't mear koe en woe as al dy oare „spesjale“ hampelmannen byinoar en dy't him rillegau it Frysk op Fryslân-B/C-eksamennivo eigen makke. In man mei fyzje en fan dieden. En dy't sadwaande Skoalle Lyndensteyn as „fanselsprekkend“ ta in twatalige skoalle makke (Frysk/Nederlânsk). Syn namme moat mei eare neamd wurde.

Fan al dy oare direkteuren fan skoallen foar spesjaal ûnderwiis yn Fryslân haw ik net in hege pet op krige. Krekt oarsom. Se moatte harren skamje as it om it Frysk op har skoallen giet. Djip skamje. Der moat op sa koart mooglike termyn fan boppen ôf yngrypt wurde om de kwantiteit en kwaliteit fan it Frysktalich ûnderwiis yn it spesjaal ûnderwiis te garandearjen. It foech dêrta moat sa gau mooglik by de Provinsje lein wurde en de kontrôle op dat Frysktalich ûnderwiis troch in Fryskkundige ynspeksje moat strang wêze. As skoallen op dat mêd tige swak of swak bliuwe, dan soe neffens my harren subsydzje ynholden wurde moatte of soene se ticht moatte. Mar foar alle „begryp“ earst efkes in histoarysk ramt en in pear wichtige en ûnmisbere noaten!



### Sitaten út beliedsplan, rapport en memorandum

Op side 36 fan it *Beliedsplan Fryske taal 2008-2010, Frysk yn Fryslân: taal tusken minsken. Fan Rjocht nei Praktyk*, [augustus] 2007 wurdt oer de doelen dy't de Provinsje steld hie foar de skoallen dy't ûnder de Wet op de Ekspertizesintra falle, opmurken: 'Der binne tsien skoallen foar spesjaal ûnderwiis yn Fryslân. Ut it Rapport fan de Ynspeksje fan Underwiis [2006] docht bliken dat **gjin** fan de acht ûndersochte skoallen in taalbeliedsplan hat. [...] De doelstelling yn de taalnota foar dit domein binne **net** helle, om't it beskikber stelde budzjet foar it Frysk yn it ûnderwiis it net taliet [...]. Foar de kommende beliedsperiode nimt de Provinsje de foarstap om in **wurkgroep** yn it libben te roppen dy't de situaasje fan it spesjaal ûnderwiis ferkenne sil.'

It technysk rapport fan de ynspeksje *De kwaliteit van het vak Fries in het basisonderwijs en het voortgezet onderwijs in de provincie Fryslân* (juny 2006) hat it op de siden 60-61 lykwols oer 'vijftien scholen voor speciaal onderwijs' en konkludearret op basis fan fragelisten dat mar twa skoallen it Frysk as fak jouwe en ek dat de measte skoallen **net** fan doel binne en feroarje harren wurkwise oangeande it Frysk. Der is ien skoalle [d.i. *Skoalle Lyndensteyn* te Beetstersweach] dy't in taalbeliedsplan hat.

Yn it *Memorandum 2006 van het Konsultatyf Orgaan inzake het Handvest voor Regionale of Minderheidstalen* (Ljouwert/Leeuwarden, 2007) stiet op de siden 7-8 oer it spesjaal en fuortset spesjaal ûnderwiis: "Bij de overgang van de ISOVSO naar de Wet op de expertisecentra (WEC) is een bepaling over het Fries, **zonder expliciet voorstel daartoe in het wetvoorstel, niet overgenomen in de Wet op de Expertisecentra.**

In de landelijke ontwikkelingen is er veel aandacht voor 'passend onderwijs' en zorgplicht (toekomstig wetgevingstraject). In dit kader is integratie van leerlingen met speciale hulpvragen in het reguliere onderwijs een centraal thema. Om de aansluiting tussen speciaal onderwijs en regulier onderwijs te optimaliseren is het noodzakelijk dat in beide schoolsoorten **dezelfde eisen** gesteld worden met betrekking tot de positie van het Fries. Daarom moet in de Wet op de expertisecentra een bepaling worden opgenomen parallel aan de tekst van art. 9 lid 4 WPO.

#### Aanbeveling speciaal onderwijs

- In de Wet op de Expertisecentra (WEC) in artikel 18 na de eerste volzin tussenvoegen: 'De scholen in de provincie Friesland [*Fryslân?*] geven met redenen omkleed aan op welke wijze aandacht wordt besteed aan de Friese taal en cultuur.'

## Histoarysk ramt

By de oergong fan de *Interimwet op het Speciaal Onderwijs en het Voortgezet Speciaal Onderwijs* (ISOVSO) nei de *Wet op de Expertizesintra* (WEC) is in bepaling oer it Frysk, sûnder in eksplisyt útstel dêrta yn it wetsfoarstel, nèt oernommen yn de *Wet op de Expertizesintra*! Yn de ISOVSO stie: De scholen in de provincie Friesland geven met reden omkleed aan op welke wijze aandacht wordt besteed aan de Friese taal en cultuur. De iennige *ferplichting* dy't der al wie, is dêrmei de nekke omdraaid! (*Sjoch it tekstfek ûnderoan side 14, red.*)

Bygefolch is der neat oerbleaun fan it útstel fan de eardere rykskommisje Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs (ynsteld troch de steatssekretaris fan ûnderwiis en wittenskippen A.J. Hermes, op 23 april 1979 troch him ynstallearre en dêr't ik lid fan wie). Dat útstel foar in wetlike basis fan it Frysk yn it bûtengewoan ûnderwiis waard yn it einrapport sa formulearre:

*Het leerplan van de scholen voor buitengewoon onderwijs in Friesland vermeldt tevens dat het Fries mede als voertaal wordt gebruikt en geeft voorts aan dat en op welke wijze de leerlingen in aanraking worden gebracht met de Friese taal en cultuur, daarbij rekening houdend met hun ontwikkelingsmogelijkheden en hun ontwikkelingsniveau* (Eindrapport Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs, Ministerie van OenW, Staatsuitgeverij, 's-Gravenhage juli 1981, s. 62).

*Twa soarten ferplichtings* dus. De lettere steatssekretaris drs. G. van Leijenhorst hat it útstel fan de kommisje om de learlingen „in aanraking te brengen met de Friese taal en cultuur“ wòl oernommen (yn wat oare wurden, sjoch boppe), mar wegere om it Frysk as fiertaal ferplichte te stellen: „Het voorstel van de commissie het Fries als voertaal verplicht te stellen neem ik niet over. Weliswaar onderschrijf ik het uitgangspunt van de commissie, dat de taal van waaruit het kind leeft van groot belang is en het gebruik van de voertaal derhalve niet vrijblijvend kan zijn. Naar mijn mening echter biedt de eigen verantwoordelijkheid van schoolbesturen ook bij de huidige facultatieve regeling wat dit betreft reeds voldoende waarborgen.“ (brief oan de Twadde Keamer, d.d. 11 okt. 1984, kenmerk BO/SP 19.812)

In grutte misrekken en in fataal fersin. De skoalbestjoeren hawwe dat fertrouwen yn har ferantwurdlikens yn de ôfrûne 25 jier

djip beskamme. It hat in fearnsieu fan stilstân en relative efterútging west, ta grutte skea fan de Fryske taalfoarming by de learlingen. Dat is skandalich. Ik haw der winliken gjin wurden foar.<sup>1</sup> De praktyk by ús op skoalle hie my yn "e rin fan de jierren leard dat it oars en gâns better kin en moat. De teory (sjoch ûnder) befêstiget dat. En dat fernuveret my fansels neat.

De Provinsje moat dan ek op koarte termyn it ministearje en it parlemint mei kêst 8 fan it *Europeesk Hânfêst foar regionale talen of talen fan minderheden* yn de hân derfan oertsjûgje dat net allinnich „een aanmerkelijk deel“ fan it *primêr* ûnderwiis yn it Frysk jûn wurde moat (kêst 8, earste lid, ûnderdiel b, ii), mar dat soks ek it gefal wêze moat yn it *spesjaal* en *fuortset spesjaal* ûnderwiis. Dat frege(t) op syn minst om reparasjewetjouwing.<sup>2</sup> Nei 2010 ferdwynt foar "t neist it wetlik ûnderskied tusken reguliere en spesjale skoallen. Dêr koe en kin it lykwols neffens my net langer op wachtsje.

Underwilens hat it spesjaal ûnderwiis foar alle klusters (skoalsoarten) syn eigen, *oanpaste ferplichte keardoelen* krige mei útsûndering fan it Frysk, grif omdat der gjin wetlike basis (meat!) foar wie. Der moat dus aksje komme om dat mei gauwens te feroarjen. [De doelen foar Frysk hearre dêrby op syn minst lykweardich oan dy foar it Nederlânsk te wurden.](#)<sup>3</sup>

## Meartaligens op Skoalle Lyndensteyn

*Skoalle Lyndensteyn* is op papier in twatalige mytyl- en tytylskoalle foar spesjaal en fuortset spesjaal ûnderwiis foar bern en jongerein fan fjouwer oant en mei tweintich jier dy't in lichaamlike of mearfâldige hendikep hawwe of lang siik binne. Der binne fjouwer learrûten foar learlingen dy't op ferskillende nivo's leare: fan *normaal* learend (rûte I: IQ > 90 en rûte II: IQ 80-90) oant en mei *dreech* (rûte III: IQ 70-80) en *tige dreech*



(rûte IV: IQ 50/55-70) learend. Dy lêste groep hat in mearfâldige hendikep. Likernôch de iene helte fan de populaasje hat it Frysk as memmetaal en de oare helte it Hollânsk. De skoalle hat him de fraach steld hoe't it bêste omgien wurde kin mei de ien- en twataligens fan learlingen en learkrêften.

*Inkelde wichtige algemiene fragen wiene:*

- Mei men fan harsenskeinde learlingen (bern mei in „hersensbeschadiging“) ferwachtsje dat se mear talen op skoalnivo behearskje?
- Is it foar de taalûntjouwing fan de learlingen goed of net goed om harren in oare taal njonken har memmetaal (oan) te learen?
- Moatte der ek fakynhâlden yn it Frysk oanbean wurde yn stee fan yn it Nederlânsk (Hollânsk), omdat foar guon bern it Frysk dúdlik har sterkste taal is?
- Is it ferstannich om learlingen dy't it Nederlânsk (Hollânsk) as memmetaal hawwe, dielnimme te litten oan de lessen yn it Frysk?

Op fersyk fan de skoalle hawwe Berend Stellingwerf en Saskia Visser – mei it each op sokke fragen – foar de Universiteit fan Grins in literatuerûndersyk dien. Yn harren rapport „Meertaligheid op School Lyndensteyn“ (5 nov. 2008)<sup>4</sup> wurdt benammen sjoen nei twa spesifike(re) fragen:

- Wat betsjut meertaligens foar learlingen mei in mearfâldige hendikep (kognityf beheind en leech funksjonearjend, tige dreech/slim lea-

rend [ZML] en leger)?

- Wat betsjut meartalich wêze foar learlingen mei in net-oanberne skeind brein („niet-aangeboren hersensbeschadiging“)?
- Dêrby is yn in wat breder ramt ek sjoen nei literatuer oer meertaligens en *leech* funksjonearjende bern.

### **Gearfetting**

Ik behein my ta de gearfetting, de konklúzjes en oanbefellings fan de stúdzje. Dy binne nijsgjirrigernôch.

### **Meertaligens en learswierrichheden**

Learlingen mei mear of minder slimme *learproblemen* kinne in twatalich taaloanbod oan en kinne mei sukses meartalich wurde. In meartalich oanbod liedt net ta kognitive oerbelêsting. Dat misferstân libbet gauris by âlden en learkrêften en dan wurde learlingen net genôch motivearre foar it learen fan de twadde taal. De hichte fan it IQ is net fan ynfloed op de taalfeardigens, de behearsking fan de dominante taal/memmetaal wol. Omtinken foar feardichheden yn de dominante taal njonken de twadde taal en in foldwaande en ryk oanbod yn beide talen is dêrom needsaaklik, krekt as by normaal learende bern.

By dreech of tige dreech learende bern (MLK en ZMLK) is it fan ekstra grut belang dat learkrêften beseffe dat taal it middel is ta it krijen fan kennis. It is krúsjaal foar de kognitive ûntwikkeling fan dy bern dat de learkrêften/begelieders by alle fakken de learlingen stypje yn de foar de learlingen sterkste, dus dominante taal. Dat liedt ta bettere prestaasjes en in sterke motivaasje om te learen. (s. 11)

### **Meertaligens en spesifike taallearswierrichheden**

Foar alle meertalige learlingen (groep/nivo/rûte I, II en III) mei taallearswierrichheden jout de meertaligens en meartalich ûnderwiis gjin oerbelêsting. In meertalige oanpak sil krekt as by normaal learende learlingen in positive útwurking hawwe. Wol moat de dominante taal fan it bern hjirre likegoed gâns stipe krije. En ek it testen/toetsen fan taallearswierrichheden kin (as dat mooglik is) it bêste yn de dominante taal fan it bern dien wurde. Foar ientalige learlingen (groep IV) mei taallearproblemen hat in meertalige oanpak ek gjin negative gefolgen, mar de twadde taal ûntwikkelet him wol tige stadich. It is de fraach

**Meertaligheid op School  
Lyndensteyn**  
Een literatuurstudie

Berend Stellingwerf  
Saskia Visser

Expertisecentrum taal,  
onderwijs en  
communicatie

Wetenschapswinkel  
Taal, Cultuur en  
Communicatie

5 november 2008

oft it ûntwikkeljen fan meartaligens foar dy groep wol te berikken is. (s. 13)

### ***Meartaligens en net-oanberne harsenletsel***

Yn it spesjaal ûnderwiis hat men ek gauris te krijen mei bern dy't net by de berte, mar letter harsenletsel opdien hawwe (Holl.: NAH, Niet Aangeboren Hersenbeschadiging), bygelyks troch in ûngemak of in oar trauma. Ik meitsje dêr yn it Frysk NOH (Net-Oanberne Harsenletsel) fan.

Foar alle *meartalige* learlingen (groep I, II en III) mei NOH is it fan belang dat der in meartalige oanpak is. De taalûntwikkeling fan foar it trauma en de ernst fan it trauma hawwe ynfloed op taaltaken nei it trauma. Effekten op kognityf en kommunikatyf funksjonearjen binne faak tydlik. Foar *ientalige* learlingen dy't in (slim) trauma hawwe yn ien fan de spesifike taalgebieten, sil it lestich wêze om in twadde taal oan te learen. Dêrfoar jilde deselde saken as dy't boppe beskreaun binne by learlingen mei *taallearproblemen*.

Oare faktors as *konsintraasje*problemen, swierrichheden mei it *ûnthâlden*, te min *inisjatyf* en *emosjonele* problemen kinne ek negative effekten hawwe op de taalûntjouwing fan likegoed ientalige as meartalige learlingen. Ientalige learlingen en pasjinten mei in mylde foarm fan NOH sille de twadde taal troch dy yndirekte faktors yn it earstoan net gau leare, mar nei ferrin fan tiid sille de yndirekte effekten ôfnimme. Foar dy groep jilde foar 't neist deselde betingsten as foar bern mei *learproblemen* (sjoch boppe). (s. 15)

### **Konklúzjes en oanbefellings**

Ut it literatuerûndersyk docht bliken dat it omgean mei meartaligens gauris om in passende oanpak freget. Der moat rekken holden wurde mei gâns aspekten, lykas:

- de hoemannichte en de rykdom fan it taaloanbod yn beide talen;
- it behearskingsnivo fan de earste taal en
- de motivaasje fan bern en har fermidden om beide talen te learen.

Dy faktors sil de skoalle by de yndividuele bern yn kaart bringe moatte. Dan kin besjoen wurde

wêrmei't eltse learling it bêste holpen is en wat de learling berikke kin.

As it om *meartalige* learlingen giet, dan is in meartalige oanpak goed mooglik en ek winsklik. Dat jildt likegoed foar normaal learende learlingen as foar learlingen mei *learswierrichheden*, *spesifike taallearproblemen* en *NOH*. Foar de kognitive ûntwikkeling fan dy learlingen is it sels oan te rieden om de learstof meartalich oan te bieden. Der binne lykwols wol in stikmannich wichtige betingsten dêr't oan foldien wurde moat:

- de learling moat by *sekwinsjele* meartaligens (d.w.s. dat it bern syn talen *nei-inoar* leard hat en net simultaan) syn/har *earste* taal goed yn 'e macht hawwe;
- de learkrêften moatte, wêr't dat nedich is, de learlingen stypje yn harren dominante taal;
- de learkrêften/begelieders moatte beide talen goed genôch behearskje om goed mei de learlingen kommunisearje te kinnen.

*Ientalige* learlingen sille foar 't neist gjin problemen ûnderfine fan twatalich ûnderwiis, mar dan moat it ûnderwiis en de kommunikaasje mei de learling wol genôch yn de memmetaal stipe wurde. Dat jildt likegoed foar normaal learende learlingen as learlingen mei *learproblemen*, *taallearswierrichheden* of *NOH*. Der is gjin bewiis fûn foar in mooglike oerbelêsting fan dy learlingen troch it oanbod fan mear talen. Wol is it de fraach yn *hokfoar mjitte* oft in meartalige ûntwikkeling te berikken is, benammen foar bern mei *taallearproblemen* en bern mei *NOH*, as der by har *taalgebieten* yn de harsens oantaast binne. (s. 16)

Al mei al is der dus **gjin inkelde jildige reden** foar bestjoeren en direksjes fan it spesjaal ûnderwiis om net serieuus wurk te meitsjen fan it ûnderwiis yn it Frysk op har skoallen.

It Ryk en it Provinsjebestjoer hawwe it spesjaal en spesjaal fuortset ûnderwiis te lang sloere litten. Der moatte goede wetlike regels en útwurkings dêrfan komme. En fansels kontrôle mei sanksjonearringsmooglikheden. Dat hie al folle earder moatten. **Avensearje dus!**

**Sytze T. Hiemstra is skriuwer fan de FFU.**

*Sjoch foar de noaten side 19.*

## Noaten

1 Ferlykje ek de *Derde Rapportage betreffende het Europees handvest voor regionale talen of talen van minderheden* 2002-2005 (Ljouwert/Leeuwarden: Fryske Akademy, 2007, s. 57, 58):

[6.82] “Scholen die onder de WEC vallen mogen het Fries als instructietaal gebruiken en kunnen het Fries als leergebied aanbieden (art. 13, zesde lid, en 18 WEC). In de praktijk gebeurt dit **zelden of nooit**.

In Fryslân gaat het in totaal om 14 scholen, waarvan één school in de categorie van auditief en communicatief gehandicapten, elf scholen in de categorie van lichamelijk en verstandelijk gehandicapten en twee scholen voor leerlingen met gedragsmoeilijkheden en psychiatrische problemen. Het „Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis“ [november 2001, 21] besteedt in paragraaf 5.5 aandacht aan de scholen die onder de WEC vallen. Volgens het „Plan fan oanpak Frysk yn it ûnderwiis“ dienen deze scholen een taalbeleid te formuleren waarin aandacht wordt geschonken aan de wijze waarop de school in het onderwijs op de thuistaal van de leerlingen aansluit; doelstellingen voor het leergebied Fries en de wijze waarop de school de professionaliteit aangaande het Fries of tweetalige onderwijs behoudt (Zie ook: B[estuurs]A[fspraak] 2001, 2.6).

[6.83] In het Uitvoeringsconvenant Fries taal en cultuur 2005 wordt opgemerkt dat de minister van OCW advies heeft gevraagd aan de Stichting Leerplanontwikkeling over de doelstellingen van de scholen die onder de werking van de WEC vallen (2.4.1). De provincie Fryslân zal in de gelegenheid worden gesteld om op het SLO-advies te reageren. Het Rijk en de provincie Fryslân zijn verder overeengekomen dat de provincie met de scholen die in Fryslân onder de werking van de WEC vallen, een **werkgroep** vormt die de mogelijkheden van een taalbeleid op de betreffende scholen inventariseren en stimuleert. Dit moet **binnen drie jaar** resulteren in een taalbeleid op de betreffende scholen.

[6.84] Het Uitvoeringsconvenant Fries taal en cultuur 2005 maakt verder duidelijk dat de provincie Fryslân in 2005 met de betreffende scholen zal nagaan welke mogelijkheden de scholen hebben om het vak Fries te onderwijzen, welke de rol van het Fries is in een orthopedagogisch kader, welke instrumenten ingezet kunnen worden als hulpmiddel voor het opzetten en uitvoeren van een taalbeleid en welke nascholing van leraren in het WEC -onderwijs nodig is. Zo nodig verleent de minister van OCW hier ondersteuning aan (2.4.3).

[6.85] De provinciale onderwijsnota *Boppeslach* schenkt **geen** aandacht aan het Fries in de scholen die onder de WEC vallen. De in te stellen werkgroep, waar in 6.81 [= 6.83] over wordt gesproken, was per 1 januari 2007 nog **niet** ingesteld. De provincie Fryslân heeft evenmin per 1 januari 2007 inhoud gegeven aan het voornemen om met de betreffende scholen na te gaan welke mogelijkheden de scholen hebben om het vak Fries te onderwijzen, zoals hiervoor aangegeven in 6.83.”

2 Ferlykje ek it *Memorandum 2004* (Ljouwert/Leeuwarden, 2004, s. 6) fan it *Konsultatyf Orgaan*: “Bij de overgang van de ISOVSO naar de Wet op de Expertisecentra (WEC) is een bepaling over het Fries, **zonder expliciet voorstel daartoe in het wetsvoorstel, niet overgenomen in de Wet op de Expertisecentra**. Deze omissie verdient **reparatiewetgeving**.”

3 De *FFU* hat him dêroer by ûnderskate gelegenheden ta de Minister fan OCW en de Twadde Keamer rjochte (sjoch ek it webstek fan de *FFU* [www.fryskebeweging.nl], brieven 2005 en 2006). En, doe“t de minister net bewege woe, der by de Twadde Keamer op oanstien om mei inisjatyfwetjouwing te kommen. Oant no ta sûnder hokfoar konkreet sukses dan ek. Sjoch ek de bylage by de „Reaksje (22-10-2006) fan de *Ried fan de Fryske Beweging* yn “e mande mei de *Feriening Frysk Underwiis* op de *Untwerpnota Frysk taalbelied 2007-2010, better sichtber, mear fertroud* (s. 5).

Ferl. de *Reaksjesnota* [Fryske ferzje; Ljouwert: Provinsje Fryslân], 28 augustus 2007 (s. 27) oangeande de ûntwerpnoata *Frysk taalbelied, Frysk yn Fryslân: better sichtber mear fertroud, 2007-2010* (2006) yn ferbân mei it *Beliedsplan Fryske Taal 2008-2010, Fan Rjocht nei Praktyk* (2007):

“[...] Der is yn de nota gjin omtinken foar de situaasje fan it Frysk yn it spesjaal ûnderwiis. De RfdFB [Ried fan de Fryske Beweging] jout oan dat dêr noch wol it nedige regele wurde moat. De RfdFB hat dêr in bylage foar makke, wêrby [“f] sy [er] yngiet op de wizigings fan de bepaling oer it Frysk by de oergang fan de ISOVSO (Inteterimwet op het Speciaal Onderwijs en het Voortgezet Speciaal Onderwijs) nei der WEC (Wet op de Expertisecentra). Hjir soe neffens de RfdFB aksje op ûndernommen wurde moatte.” [...]

[Reaksje fan de Provinsje dêrop]: “*In goede opmerking. Wy sille yn 2008 begjinne mei in **tydlike wurkgroep** Frysk yn it Spesjaal Underwiis. Wy ha ús earst benammen rjochte op it foarskoalsk, basis- en fuortset ûnderwiis en de learare-oplieding.*”

4 Berend Stellingwerd & Saskia Visser, *Meertaligheid op School Lyndensteyn. Een literatuurstudie*. Groningen: Rijksuniversiteit Groningen (Expertisecentrum taal, onderwijs en communicatie & Wetenschapswinkel Taal, Cultuur en Communicatie), 5 nov. 2008, 18 siden. It literatuerûndersyk is ek oan te klikken op it ynternet: <http://talen.wewi.eldoc.ub.rug.nl/FILES/root/Rapporten/2008/lyndensteyn/literatuurstudieLyndensteyn.pdf>